Keetwaltje 1
8921 EW Ljouwert
058 2138913
www.fryskebeweging.nl

Jabik van der Bij (foarsitter)
0515 559597
jabikvanderbij@home.nl

Oan: De Steatekommisje Boarger en Mienskip

Twellegea, 29-1-05

Achte kommisjeleden,

Ein 2004 ha Deputearre Steaten it rapport fan ynstelde Provinsjale Wurkgroep Frysk yn it primêr ûnderwiis oernommen. Meikoarten wurdt dat rapport oan de Steaten foarlein.

De Ried freget jim mei klam om net akkoart te gean mei it útstel dat út dit rapport fuortkomt. Om op grûn fan oant no ta minne risseltaten fan it ûnderwiis yn it Frysk der mar mei yn te stimmen dat it Frysk yn Fryslân net mear yn it kearnprogramma heart, is te koart troch de bocht. De prinsipiële lykweardigens fan it Frysk en it Nederlânsk, sa't dy foar de kearndoelen oant no ta jildt, is yn it útstel net mear it útgongspunt. It belied dat mei it oannimmen fan it rapport Fan Geunst nei Rjocht yn de jierren tachtich fan de foarige ieu ynsetten is, wurdt dêrtroch loslitten.
It neamde rapport stjoert oan op in kompromis. De terjochte lykweardigens fan it ûnderwiis yn it Frysk en Nederlânsk sa't dy ta utering kaam yn de formulearring fan de kearndoelen binne jo flugger kwyt as dat jo it werom krije! Dat sa ek temûk de bestjoersôfspraak fan 1993 geweld oan dien wurdt, raast oan 'e protters.

De Ried is fan miening dat de praktyske oanbefellings yn it útstel likegoed útfierd wurde kinne sûnder dat it prinsipe fan de lykweardigens fan de kearndoelen foar it Nederlânsk en it Frysk geweld oan dien wurdt.

Yn it taheakke by dizze oprop geane wy djipper op de eftergrûnen yn.

Heechachtsjend,

J van der Bij (foars.)

yn ôfskrift oan:
- Deputearre Steaten
- de fraksjes fan de politike partijen yn de Twadde Keamer
- de Feriening foar Frysk ûnderwiis
- de Provinsjale Wurkgroep Frysk yn it primêr ûnderwiis
- de Parse

Gjin oanpassing fan de kearndoelen Frysk yn it basisûnderwiis

It is al wer fjouwer jier lyn dat de ynspeksje ferslach útbrocht oer har befinings mei it Frysk yn it basisûnderwiis. Wat elkenien eins wol wist mar doe nochris troch de ynspeksje swart op wyt setten waard: It is in suterige saak mei it Frysk yn de skoallen. Jo hiene lykwols net it gefoel dat der in protte minsken wekker fan leine dat mar 30% fan de skoallen de doelen berikten sa't dy wetlik fêstlein binne. Ek it provinsjebestjoer makket him de lêste jierren drokker oer mooglike ûnderwiisefterstannen as oer it Frysk yn it basisûnderwiis.
Underwilens kaam der lanlik in diskusje op gong oer de doelstellings yn it ûnderwiis, troch de faklju kearndoelen neamd. By de Twadde Keamer leit no in útstel foar nije kearndoelen. Wiene dy foar it Nederlânsk en it Frysk oant no ta gelyk, yn dit nije útstel is dat prinsipe loslitten.

Yn de jierren tachtig hat it Provinsjebestjoer mei it oannimmen fan it rapport *Fan Geunst nei Rjocht* it Fryske-taalbelied fêstlein. De kearnwurden wiene lykweardigens en lykberjochtiging. Yn 1993 setten Ryk en Provinsje de hântekening ûnder de bestjoersoerienkomst dêr't se yn útsprutsen dat se it Frysk hoedzje en noedzje soene. In logyske konsekwinsje fan dy ôfspraak wie dat de kearndoelen foar it Frysk en it Nederlânsk yn de wet gelyk wiene.
Los fan it Frysk en it Nederlânsk groeide der yn de jierren njoggentich ferset tsjin de detaillearre foarm fan de kearndoelen, dy't makken dat it programma oerladen fol wie en de skoallen gjin eigen belied fiere koenen. De kommisje Wijnen, dy't advys oan de minister útbrocht, makke om dy reden in ûnderskied tusken in kearn- en in differinsjeel part fan it ûnderwiisprogramma. It Frysk bedarre yn it differinsjele part. Der is doe fan ferskate kanten op wiisd dat soks net paste yn it belied dat yn de bestjoersôfspraak fêstlein wie. Nederlânsk en Frysk hearre beide thús yn it kearnprogramma. It provinsjebestjoer hat dat oer syn kant gean litten.

As ferfolch op it advys fan de kommisje Wijnen joech it ministearje oan it ynstitút foar learplanûntwikkeling SLO opdracht om nije kearndoelen te meitsjen. Dy lanlike organisaasje liet as logyske konsekwinsje fan it advys fan de kommisje Wijnen de lykweardigens fan it Nederlânsk en it Frysk yn har útstel los. Dy operaasje spile him bestjoerlik folslein bûten de provinsje ôf: "voor u, over u en zonder u". Krekt by tafal kaam it provinsjebestjoer der efter dat de SLO dwaande wie mei de kearndoelen. Yn sân hasten waard in *Provinsjale Wurkgroep Frysk yn it primêr ûnderwiis* foarme. Dy wurkgroep waard nei foaren skood as fertsjintwurdiging fan "it fjild" en koe tagelyk it provinsjebestjoer advisearje. It smiet in rapport op dat ein 2004 troch it kolleezje fan Deputearren oernommen waard om foarlein te wurden oan de Steaten. Yn dat stik is de prinsipiële lykweardigens fan de beide talen net mear it útgongspunt. It hat in protte wei fan in kompromis. It betsjut yn elts gefal it loslitten fan it belied fan lykweardigens en lykberjochtiging fan de beide talen. Dat belied is yn 1985 troch de provinsje breed akseptearre as grûnslach foar it provinsjaal taalbelied nei oanlieding fan it rapport *Fan Geunst nei Rjocht (*1983).

Underwilens leine de nije kearndoelen al lang en breed by de Twadde Keamer. It liket der op dat de miening oer de kearndoelen fan de bestjoerders yn Fryslân der net ta docht. Der wurdt yn Den Haach oer besletten, de miening fan de Steaten fan Fryslân is net frege. It regear wie eefkes fergetten dat der in bestjoersôfspraak leit. It troch DS oernommen kompromis jout de minister by de behanneling yn de Twadde Keamer wol de mooglikheid te sizzen dat men it der yn Fryslân mei iens is. De Ried fan de Fryske Beweging is fan miening dat de Steaten it Kolleezje werom fluitsje moat. It provinsjebestjoer sil de minister en de Twadde-Keamerleden witte litte moatte dat de kearndoelen foar it Frysk en it Nederlânsk folslein gelyk wêze moatte.

As de Steaten akkoart geane mei it útstel sa’t it der no leit hat dat as gefolch dat de erkende twadde rykstaal yn rjochten in folle mindere posysje ynnimt as no it gefal is en dat sil syn gefolgen ha. Dy mindere posysje sil yn it belied fan de lanlike oerheid yn de takomst te fernimmen wêze, mar ek nei it ûnderwiis yn Fryslân sels syn negative effekten ha. It sinjaal dat der fanút giet is folslein ferkeard. It leit de basis foar in fierdere ôfbou yn de takomst.

Wa't de kearndoelen foar Nederlânsk en Frysk fergeliket yn it nije útstel sjocht dat de easken dy't der foar it Frysk steld wurde folle leger lizze as foar it Nederlânsk. De wurkgroep legitimearret dat troch der op te wizen dat der in grut ferskil is yn de behearsking fan it Frysk by de bern as hja op de skoalle komme. Guon binne fan hûs út Frysktalich, guon behearskje beide talen en der binne ek guon dy't amper of hielendal gjin Frysk fersteane. Foar dizze trije soarten bern soene neffens de wurkgroep ferskillende doelen hantearre wurde moatte. Koartsein komt it der op del dat Frysktalige bern it Frysk oan't en mei it skriuwen fan it Frysk behearskje moatte, wylst men by de net-Frysktalige bern tefreden wêze kin as dy in positive hâlding ha foar minsken oer dy't Frysk prate en as dizze bern it Frysk fersteane. Lêze, prate of skriuwe hearre net mear ta de minimumfeardichheden foar dizze lêste groep. Opfallend is dat allinne by it fak Frysk in kearndoel yn de foarm fan in hâlding (attitude) opnommen is. By alle oare fakken wurde allinne kearndoelen formulearre yn de foarm fan kennis en feardichheden. Eins heart dit kearndoel yn de systematyk fan de opstellers thús by de "vakoverstijgende doelen". Dêr steane mear hâldingsdoelen lyk as respekt foar oaren oer en dus ek foar oarstaligen oer. Werom moat dit foar Frysk op in ôfwikende wize? Dat moat dochs fanselssprekkend wêze? In positive hâlding foar oare talen oer hoecht dochs net allinne foar it Frysk neamd te wurden?

Yn de literatuer[1] wurdt fan kearndoelen sein dat it "streefdoelen"binne. Eltsenien kin begripe en hat de ûnderfining dat net alle bern alle kearndoelen helje kin. De skoalle hâldt rekken mei de kapasiteiten fan de bern. Dat jildt foar alle fakken en dêr hat ek net ien in probleem mei. Werom soe der dan foar it Frysk wol yn de kearndoelen (=nei te stribjen doelen) in útsûndering makke wurde moatte? Sels de bern yn it SBO (spesiaal basisûnderwiis) ha te meitsjen mei deselde kearndoelen as de bern yn it gewoane basisûnderwiis wylst dizze bern krekt yn it SBO sitte omdat se problemen ha om de doelen te berikken.

As ekstra motivearring brûkt de wurkgroep it argumint dat yn de praktyk bliken dien hat dat it no net mooglik is om de kearndoelen sa as dy der oant no ta wiene te heljen mei ien lesoerke yn de wike. Dêr hat de wurkgroep wol gelyk oan, mar de oplossing fan dat probleem soe men net sykje moatte yn it ferleegjen fan de doelen mar yn it ferbetterjen fan de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk. Foar Nederlânsk docht him itselde foar. Der binne hiel wat bern dy't fan hûs út net-Nederlânsktalich binne, mar der is net ien yn Nederlân dy't fynt dat foar dizze bern de doelen dan mar nei ûnder bysteld wurde moatte. It omkearde is it gefal: der wurdt mei rjocht en reden fûleindich op ynset om dizze bern de kearndoelen fan it Nederlânsk berikke te litten. As ien oere net genôch is dan soene jo ferwachtsje dat it tal oeren omheech brocht wurdt. Der is boppedat noch in protte winst te heljen as it Frysk faker as omgongs- en fiertaal yn de skoallen brûkt wurde soe, sa as de wurkgroep ek útstelt. De oplossing fan it konstatearre probleem moat neffens ús net socht wurde yn it ferleegjen fan de kearndoelen mar yn in ferbettering fan de kwaliteit fan it ûnderwiis. Om te begjinnen soe de ieuwenlange "hollânsktalige" tradysje yn it ûnderwiis trochbrutsen wurde moatte. Dat kin allinne mar troch de minsken yn de skoallen har bewust wurde te litten fan de taalferhâldings yn Fryslân. Tagelyk sille de taalkundige en didaktyske feardichheden fan de leararen ferbettere wurde moatte. Dat is in grutskalige operaasje. It sil de kommende jierren gean moatte om de slach om de kwaliteit, mar dan moatte de kearndoelen net op foarhân (nei ûnderen ta) oanpast wurde. As Ryk en Provinsje har ambysjes sa as se dy fêstlein hawwe yn de bestjoersôfspraken wier meitsje wolle dan moatte se de skoallen yntinsyf stypje. Dy ynspanning is lykwols ek nedich, om’t Nederlân yn Europeesk ferbân it Hânfest foar

minderheidstalen en it Kaderferdrach nasjonale minderheden goedkard hat. Nederlân is dêrmei ferplichtings oangien om de posysje fan it Frysk te hoedzjen en te noedzjen yn

ûnderwiis, kultuer, media, iepenbier bestjoer, rjochtspraak en ekonomysk en maatskiplik libben. En dat skept foar it Ryk en de provinsje ferplichtings dy't no ûnfoldwaande wiermakke wurde. It Hânfêst ûndertekenje is ien ding, mar om it dêrnei wier te meitsjen freget hiel wat ynspanning.

De wurkgroep docht ek in pear útstellen om de kwaliteit te ferbetterjen yn de foarm fan taalbeliedsplannen, in taalkaart foar elke skoalle ensf. Goed bedoeld mar it is de fraach hoe goed as dy allegearre op har konsekwinsjes trochtocht binne. Inkele foarbylden:

- Skoallen soene har eigen ambysjenivo formulearje moatte. Dêr klinkt in bulte frijbliuwendheid út. Is elts ambysjenivo goed? Hokker "opstelskriuwerij" of oerskriuwerij wurket dit yn de hân? Ynspeksje en provinsje soene dêr op tasjen moatte. Yn it selde stikje stiet dat de ynspeksje dat net kin om't dat te folle minskkrêft freget. Hat de provinsje dy minskkrêft dan wol?
- De wurkgroep stelt foar om in fisitaasjekommisje nei de skoallen gean te litten, mar dy kin mar oan 10 oant 15 skoallen in besite bringe. De 500 skoallen yn Fryslân komme dan ien kear yn de 30 oant 50 jier oan bar. Dat avensearret net.
- Fierder soe de fisitaasjekommisje de beliedsplannen kontrolearje moatte. Dat seit noch neat oer de útfiering fan dy plannen. Wa sjocht dêr op ta? De lêste tweintich jier ha alle moaie formulearringen yn skoalwurkplannen ensafuorthinne foar it Frysk ûnfoldwaande oplevere. De skriftlike burokrasy yn de skoallen is dochs al grut.

Fisitaasje oan de skoallen is in hiel goede saak en moat altyd trochgean, mar it moat wol regelmjittich dien wurde en keppele wêze oan de beoardieling fan de beliedsplannen. In konsekwinte fisitaasje moat periodyk werhelle wurde sil it effekt ha. Dat freget in fikse formaasje.

It ferlet oan ûndersteuning sil troch de fisitaasjes bot tanimme. Troch de direkte persoanlike kontakten en it meitsjen fan ôfspraken mei de kontrôle op it neikommen dêrfan wurde de bêste risseltaten berikt. In goede ûndersteuning is perfoast in needsaak dy't te min ûnderkend is, mar freget in ynset fan in hiel tiim fan minsken. Ek dêrfoar is in fikse formaasje nedich.

Konkludearjend is de Ried fan betinken dat de lykweardigens fan it Frysk en it Nederlânsk ek yn de formulearring fan de kearndoelen hanthavene wurde moat. As dêr fan ôfwykt wurdt dan giet dêr it sinjaal oan de skoallen, de âlden en de bern fan út dat it der mei it Frysk net sa bot op oan komt. De kwaliteitskritearia foar it jin eigen meitsje fan de twadde rykstaal hearre deselde te wêzen as dy't jilde foar it Nederlânsk. De Nederlânske oerheid stelt easken foar it behearskjen fan it Nederlânsk, de Fryske oerheid stelt lykweardige easken foar it behearskjen fan it Frysk. Wurde de kearndoelen no op in leger nivo steld dan sil letter it ferheegjen nei it nivo lyk as wy dat no hawwe, net mear barre.
It ferleegje fan de kearndoelen is ek alhiel net nedich. De aksje sil rjochte wurde moatte op it ferbetterjen fan de kwaliteit fan it Frysk yn it ûnderwiis.
Fan Ryk en Provinsjebestjoer mei frege wurde dat der in goed trochtocht plan makke wurdt om de kwaliteit fan it Frysk op in selde nivo te bringen as dat fan it Nederlânsk. Dêrmei kinne se berikke dat it Frysk oeral mûnling en skriftlik brûkt wurdt yn Fryslân.
Fisitaasje en ûndersteuning binne tige wichtige middels om de kwaliteit fan it Frysk yn it ûnderwiis te ferbetterjen. Dêr sil in hiel goede, kwalitatyf ferantwurde, strukturele opset foar komme moatte. Foar it goed útfieren fan sa'n plan moatte der foldwaande middels beskikber steld wurde. Dat kin mei in pear ton net ta.
Yn it útstel fan de wurkgroep sitte goede oansetten mar de praktyske útwurking moat nochris kritysk hifke wurde.
Goed belied is rjochte op de takomst. Mei it each op dy takomst kin mei it hanthavenjen fan de kearndoelen it plan sa't dat no foarleit ek hiel goed útfierd wurde. Mei in goede en garandearre fisitaasje en ûndersteuning kin fan de skoallen frege wurde de kearndoelen foar it Frysk te

berikken. Benammen dy skoallen, dy't dat oant no ta net realisearre hawwe, moatte troch fisitaasje en begelieding holpen wurde om yn 'e rin fan de jierren stap foar stap tichter by dy kearndoelen te kommen.

Relevante stikken:
Herziening Doelstellingen Fries in het PO 2004 (Prov. Wurkgroep Frysk yn it PU)
Brochure Kerndoelen basisonderwijs 1998 (OC&W)[1]
Brief 19 maart 2004 (OC&W)[1]
Voorstel 19 maart 2004 (OC&W)[1]
Advies commissie Wijnen 2002 (OC&W)[1]
Advies Onderwijsraad 2002 (OC&W)[1]

[1] De stikken binne te finen op: www.minocw.nl/kerndoelen/algemeen.html